

FRYSLAN-A EKSAMEN

24 septimber 2016

I Tekstbegryp, taaleigen-, ynterferinsje- en oersetopdrachten

60 min.

Autokorreksje

In simpele ‘autocorrect’ hat it Frysk noch net yn WhatsApp en dat is wol de app dy’t gâns jongerein brûkt.

- 5 It Frysk stiet der folle better foar as ea tefoaren. It absolute oantal sprekkers wie noch nea sa heech en it Frysk wurdt rûnom troch de jongerein skreaun. Yn doarpen wurdt it Frysk hieltyd mear sichtber en de oerheid krûpt sa stadichoan ek in bytsje út syn konformistyske komfortsône wei. Wis, it Frysk is yn de gruttere plakken en direkte forinzedoarpen dêromhinne minder fanselssprekkend wurden, mar de taal brûst. In foarbyld fan in positive ûntwikkeling is bygelyks it tal
- 10 eineksamenkandidaten Frysk. Dit jier wiene dat 116, wylst der yn 2011 noch (mar) 46 kandidaten wiene.
- Lykwols, it is mar de fraach oft wy it lêste ûndersyk oer de posysje fan it Frysk ûnder bern en jongerein wol serieuus nimme moatte. Yn dat ûndersyk wurdt ommers ek sein dat it oantal jonge sprekkers fan streektalen en dialekten yn Flevolân, dus gjin allochtoane talen, tanommen is fan 2% yn 1994 nei 12% yn 2014.
- 15 Wy moatte de pessimisten loslitte dy’t úthâlde dat it skreaune Frysk minder wurdt. It Frysk ûntkomt no ienris net oan it proses fan ‘ûntlêzing’, mar dat betsjut net dat der minder lêzen én skreaun wurdt. Krektoarsom! Mei ynternet en smartphones wurdt just hieltyd mear (Frysk) skreaun. Dat de kwaliteit fan it Frysk miskien net foldocht oan de winsken fan guon puristen, is net de fout fan de (jonge) taalbrûkers. In simpele ‘autocorrect’ hat it Frysk noch net yn WhatsApp en dat is wol de app dy’t de
- 20 measte jongerein brûkt. Fryske Akademy en provinsje, doch dêr ris hiel gau wat oan! It argumint dat minsken dêr net op sitte te wachtsjen, is dúdlik swier efterhelle. De mienskip hat ommers Facebook en Google yn ’t Frysk oerset en wat te tinken fan programma’s as Firefox en WordPress? Allegearre wurk fan hûnderten minsken dy’t genôch ferstân fan saken hiene om dy programma’s yn relatyf goed Frysk oer te setten.
- 25 Hawar, de Fryske Akademy en de provinsje meie no flot begjinne mei it ûntwikkeljen fan in Fryske ‘autocorrect’ en derfoar soargje dat dy ek op smartphones beskikber makke wurdt. En Fryske spraaksoftware is prachtich moai, mar dêr hawwe wy likemin wat oan as dy allinnich mar foar in pear websiden beskikber is. De mienskip hat yn alle gefallen it goede foarbyld jûn. No wurdt it tiid om dat goede foarbyld te folgjen.

Ut namme fan it bestjoer fan de Jongfryske Mienskip,
Chris van Hes, foarsitter

Ut: ‘It Nijs’ (oanpast)

A. Lês de tekst goed troch en beäntwurdzje de fragen yn it Frysk yn **folle sinnen**. Mei-inoar kinne 23 punten helle wurde.

1. Fan hokker programma yn hokker app hat neffens Chris van Hes de jongerein ferlet? (4 punten. Foar elk goed dielantwurd 2 punten)
2. Van Hes seit dat it Frysk der folle better foar stiet as ea tefoaren. Hy neamt fiif foarbylden. Neam fjouwer. (4 punten. Foar elk goed foarbyld 1 punt)
3. Wêr is it Frysk minder fanselssprekkend wurden? (2 punten. Foar elk goed foarbyld 1 punt)
4. Van Hes freget him ôf oft it ûndersyk oer de posysje fan it Frysk ûnder bern en jongerein wol serieuus nommen wurde moat. Hy twivelet en jout ek oan hoe’t dat komt. Hoe komt dat? (2 punten)

5. Neffens Van Hes wurdt der net minder, mar hieltyd mear (Frysk) skreaun. Hoe komt dat sa? (2 punten)
6. Dat de kwaliteit fan dat Frysk net oerhâldt is net de fout fan de jongerein, mar earder fan twa ynstânsjes dy't dêr wat oan dwaan moatte. Hokker ynstânsjes binne dat? (2 punten)
7. De mienskip hat wol dúdlik makke dat it argumint dat de minsken der net op sitte te wachtsjen swier efterhelle is. Van Hes neamt fjouwer foarbylden/programma's. Hokker? (4 punten)
8. Hokker opdracht hat Van Hes foar de Fryske Akademy en de provinsje? (3 punten)

B. Jou mei eigen wurden de betsjutting of omskriuwing fan ûndersteande wurden út de tekst. Mei-inoar 20 punten.

- | | |
|------------------------------------|---------------------------|
| 1. gâns (r. 1) | 6. úthâlde (r. 15) |
| 2. tefoaren (r. 4) | 7. ienris (r. 16) |
| 3. nea (r. 4) | 8. foldocht (r. 18) |
| 4. krûpt (...) út (...) wei (r. 6) | 9. guon (r. 18) |
| 5. bygelyks (r. 8) | 10. oer te setten (r. 24) |

*C. Meitsje de sin folslein mei ien fan de beide wurden tusken heakjes. Skriuw **allinne** it goede wurd op. Mei-inoar 20 punten.*

1. Ik fyn dat in (merk, merke) net sûnder draaimûne kin.
2. De fisker fertelde my dat it (rikjen, rikken) fan iel in hiele keunst is.
3. Us mem woe de tee altyd in moai skoft (trekke, lûke) litte.
4. Master sei tsjin de bern dat se goed nei syn ferhaal (hearre, harkje) moasten.
5. 'Hoe komt it dat dyn hier sa (yn 'e war, yn 'e tiis) rekke is?' frege mem oan har famke.
6. Us heit koe altyd hiel moai (skriuwe, skreauwe). Dat is oan syn âlde skoalskriften wol te sjen.
7. Ik koe net rjocht fan ús mem (wiiswurde, gewaarwurde) wêr't dy skriften wei kamen.
8. Ik haw de hiele middei oan myn ferslach (wurkje, arbeidzje).
9. Wy hawwe it net sjoen, mar de bal moat fansels wol earne (telâne, terjochte) kommen wêze.
10. Do moatst derom tinke datst dyn beurs net (ferliest, weibringst).

D. Folje yn: der, dêr, dêr't, wer, wêr, wêr't, dizze, dy, dit en dat (allegearre 1x). Mei-inoar 20 punten.

1. Ik wit net ... de kaai bedarre is.
2. Wy wolle ... kear gewoan slagje.
3. ... komsto sa let wei?
4. '... is in aardige frou', seine wy, doe't se it net mear hearre koe.
5. Langsweagen is it doarp ... ik berne bin.
6. ... binne genôch mooglikheden om mei te dwaan.
7. ... yn 'e fierte sjoch ik de staasje oankommen.
8. Dat moatsto net ... dwaan.
9. Doe't ik in man oankommen seach, sei ik: 'Freegje it mar oan ... man.'
10. Yn ... leske D moatte wurdsjes ynfolle wurde.

E. Set de neikommende sinnen oer yn geef Frysk. Mei-inoar 15 punten.

1. In de vakantie hebben mijn kleinkinderen bij ons gelogeed.
2. Wie heeft ons nieuwe hekje bij de voordeur opengedaan?
3. Het meisje had het doosje waarin het geld zat, verloren.
4. Tot mijn spijt stemde hij in de vergadering tegen het voorstel.
5. Men zegt dat er meer goede verhalen over onweer zijn.

F. Meitsje geef Frysk fan ûndersteande sinnen. Ien punt foar elke goede ferbettering.

1. Hy hoopt dat er moarn korfballe mei en dat de útslach dan net tsjinfalt.
2. De ankel docht him noch wol pine fan de traap tidens de tarieding.
3. It falt mei, dat hy wol leaver gjin pillen tsjin de pine slikke.
4. Dêr hat hy gelyk oan en foar my hoecht dat ek net.
5. By de wedstriid spruts er rustich mei folle oare spilers.